



NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2013

131231[2].def.FFU.jierfersl.

Ynlieding: binne wy as FFU hast oerstallich?

Yn 2012 hawwe wy op beskieden wize betocht dat de FFU in fearsieu bestien hat (sjoch ek in wiidweidige ynlieding dêroer yn jierferslach oer 2011 op www.ffu-frl.eu). En no leit 2013 al wer efter ús. Ek al binne der wat beskieden ûntjouwings op ûnderwiismêd, it liket der noch lang net op dat wy ophâlde kinne mei ús krewearjen. Noch altiten is ús doel hein noch te nei net berikt. Ek net mei de nije wetjouwing foar de basisskoalle, it fuortset ûnderwiis en it spesjaal ûnderwiis. Der is in beskieden oerdracht fan ûnderwiisfoech nei de provinsje ûnderweis. Kearndoelen kinne aanst yn Ljouwert skreaun wurde. Mar De Haach hâldt it lêste wurd, benaud oft se dêr binne dat it Hollânsk fan it Frysk te lijen hawwe sil. De realiteit is krekt oarsom: it Frysk hat slim fan it Hollânsk te lijen. Der komt in beskieden ferplichting yn it spesjaal ûnderwiis. Hiemstra hat him yn it ramt fan de *Ried fan de Fryske Beweging* sûnt de santiger jierren fan de foarrige ieu al drok makke om ta in ferplichting te kommen yn it bûtengewoan ûnderwiis (sa hiet it doe noch) en hat út namme fan de Provinsjale ûnderwiisried fan Fryslân yn 1979 in sit hân yn in (Ryks)-Kommisje dy't soks regelje moast (einrapport july 1981). It útstel fan de Kommisje kaam del op ien lange sin: 'Het leerplan van de scholen voor buitengewoon onderwijs in Friesland vermeldt tevens dat het Fries mede als voertaal wordt gebruikt en geeft voorts aan dat en op welke wijze de leerlingen in aanraking worden gebracht met de Friese taal en cultuur, daarbij rekening houdend met hun ontwikkelingsmogelijkheden en hun ontwikkelingsniveau' ('*Eindrapport "Commissie Fries in het Buitengewoon Onderwijs"*', july 1981, s. 62). Net earder as ein 1984 liet in nije steatssekretaris fan ûnderwiis, drs. G. van Leijenhorst, de provinsje witte dat er de 'aanraking' oernaam, mar de ferplichte fiertaal net. Hy makke himsels wiis dat 'de eigen verantwoordelijkheid van schoolbesturen ook bij de huidige facultatieve regeling wat dit betreft reeds voldoende waarborgen [biedt]' (brief steatssekretaris, 11 okt. 1984). De bekende Haachske ôfskopolityk.

Wat dy ferantwurdlikheid wurdich is, wisten wy doe al en no noch better: suver neat. Skoallen foar spesjaal ûnderwiis binne troch De Haach dêrnei nea ferplichte om omtinken te jaan oan de Frysk taal. It is ek yn de lettere *Wet op de Ekspetize Sintra* (WEC) oant hjoed-de-dei in frijbljuwend spultsje bleaun. Allinnich *Skoalle Lyndensteyn* te Beetstersweach woe de ferantwurdlikheid dêr't de steatssekretaris sa wis fan wie, nimme. It waard op papier in twatalige skoalle (Nederlânsk-Frysk). Mar dochs is it Frysk dêr yn de praktyk ek noch lang net oeral normaal as fak en fiertaal. De oare skoalbestjoeren yn it spesjaal ûnderwiis lieten it massaal ôfwitte. Alderlei ferlechjes: gjin persoanel dat Frysk jaan koe (of woe), se hiene it al sa drok mei it Hollânsk, oare en 'wichtiger' drokten, ensfh. It liket derop dat soks yn 2014 feroarje sil, as de Provinsje de nije (no ferplichte) kearndoelen skriuwe mei. En hooplik efektyf kontrolearje (litte) kin, mei de nedige fierder te ûntwikkeljen objektive toetsingsmiddels.

Underwilens binne wy no 35 jier letter. En der binne hast twa ieuwen foarby dat it Frysk slim ferwaarleazge wurdt yn fierwei de measte skoallen fan it gewoane en it spesjale ûnderwiis. Dat lit djippe spoaren nei. As FFU sille wy sadwaande trochgean (moatte) mei it kritysk folgjen fan de ûntjouwings en komme mei ferbetteringsútstellen. En ús der wer hieltiten drok oer meitsje dat it Frysk einlings ris in ferplichte eksamenfak wurdt yn it fuortset ûnderwiis, en wetlik lyksteld wurdt oan it ferplichte Hollânsk en Ingelsk yn it (middelber en heger) beropsûnderwiis. En dat De Haach de lessen Frysk betellet yn de hegere klassen fan it fuortset ûnderwiis en net de provinsje. En dat der in trochgeande, ferplichte ûnderwiisline is oant en mei de eineksamens ta. Goed ûnderwiis is noch altiten in ryksferantwurdlikheid. En wy moatte ús lûd hieltiten mar wer hearre litte as der net foldwaande kwalifisearre learkrêften oplat wurde dy't it Frysk as fak jaan en fiertaal brûke moatte. En dan ek kwalifisearre op *heech* nivo. Yn de heine takomst moatte neffens ús alle skoallen trijetalich wurde mei in wichtich plak foar it Frysk, dus foar in 'aanmerkelyk deel' lykas yn kêst 8 fan it *Europeesk Hânfêst foar Minderheidstalen* stiet. Dat oanmerklik part hawwe wy neffens Europeeske regels, ek noch troch it Ryk ûnderskreaun, rjocht op, mar dat rjocht wurdt troch De Haach oant hjoed-de-dei negearre en gewoanwei net neikommen (ymplemintearre).

Frysk as *ynstruksje-/of fiertaal* moat dus (by alle fakken) wetlik likegoed ferplichte wurde en neffens ús jûn wurde mei help fan *yntegraal* trijetalige learmiddels. Sadat de trije talen (Frysk/Ingelsk/Hollânsk) inoar fersterkje kinne troch bewuste trochgeande ferliking op oerienkomsten en ferskillen. Soks achtsje wy fan grut belang om ferkearde ynslûpsels (ynterferinsjes/hollânismen) yn ús eigen taal foar te kommen en om dy te bestriden as de taal fan de learling dêrtroch oantaast is (en dat is it). Learlingen hearre geef Frysk te learen en de learmiddels moatte yn geef Standertfrysk skreaun of gearstald wurde. Nee, in echt folweardich plak yn it hiele ûnderwiis hat it Frysk noch lang net. Ek net mei de nije, noch

altiten tekoartsjittende takomstige ûnderwiiswetjouwing. Wy kinne ússels dus, ek al binne wy minmachtich, noch lang net opdoeke en hawwe jo help dêr aloan en mar wer by nedich.

Eare wa't eare takomt

Fansels binne der ûnderskate lju dy't har tige fertsjinstlik meitsje foar it Frysk yn it ûnderwiis. Lokkich. Dêr moatte wy it fan hawwe. Dy wolle wy sadwaande efkes yn it sintsje sette en dat dogge wy út en troch mei it útrikken fan de FFU-eare-oarkonde en it útsprekken fan in lofprizing (laudatio). Hâns de Haan, direkteur fan de trijetalige basisskoalle *De Tsjelke* yn Holwert, hat him as earste yn ús jubileumjier (2012: 25 jierrich bestean as FFU) krige (sjoch www.ffu-frl.eu, by 'útgien' 2013 foar de oarkonde en ús wurdearring op skrift). Op de FFU-jieregearkomste (22 april 2013) hawwe wy Klaske Straatsma-Westerhof as twadde eare mei in oarkonde. Dat yn it foarste plak foar har wurk yn it (twatalich) ûnderwiis, as lesjoster by de Afûk en yn oare Fryksinnige fermiddens. Frou Straatsma-Westerhof is boppedat fan bysûndere en persoanlike betsjutting foar ús as FFU mei't wy ús gearkomsten by har thús hâlde meie en wy dêr altiten tige let en set wurde. Op 7 novimber 2013 folge nûmer trije yn de rige. Op it 10de symposium (stúdzjedei) fan de seksje Frysk fan 'Levende Talen' (VLLT) hat ús foarsitter Liskje Flapper yn it sintsje setten fanwegen har ynset foar it trijetalich ûnderwiis, as lesjoster by de Afûk en har wurk foar de eksamenkommisje fan dat ynstitút (de laudatio is ek wer oan te klikken op ús webstek). As jo ien witte dy't him/har, benammen ek yn syn/har *frije tiid*, tige foar it Frysk op skoalle ynspant, lit it ús dan witte.

Wy rêde it net sûnder jo jildlike stipe

Lju dy't ús in bedrach 'skinke' en dat ôflûke wolle fan belesting, kinne dat it bêste dwaan troch dat oer te meitsjen op rekkennûmer NL55 INGB 0001 1234 45 o.n.f. *Ried fan de Fryske Beweging, Keetwâltsje 1, Ljouwert*, mei dúdlik de fermelding '**ornearre foar de FFU**'. Wy hoopje dan mar dat de Ried wer soarget dat it op ús FFU-rekken oermakke wurdt. De Ried is erkend as ANBI (*Algemeen Nut Beogende Instelling*). Dat giet wolris mis. Sadwaande kije wy it jild leaver streekrjocht op ús eigen rekken. It ledejild kin oermakke wurde op NL17 INGB 0002 3560 38 o.n.f. *FFU Feriening Frysk Underwiis, Beetsterweg 5, 9244 GC Beetsterzwaag*. Wy trune derop oan om dat op 'e tiid te dwaan. Dan hoege wy net mei werhelle fersiken te kommen, dy't ús wer (better te brûken) tiid en jild (sluven en postsegels) kostje. Nei it ferdwinen fan de akseptgiro-kaarten is it op 'e tiid ynbarren fan it ledejild foar ús in probleem wurden. Ek al wie dat net de bedoeling, dochs wurdt it oermeitsjen maklik fergetten. Jo fine by de útnoegings foar de jieregearkomste altiten in stryptke mei it bedrach en ús banknûmer. Wy freegje jo dêr begryp foar en kinne net oeral efteroan.

Wy rêde it net sûnder genôch leden en jonge oanwaaks

It tal leden ferminderet alle jierren wat troch ferstjerren, jildkrapte (it is krisistiid) ensfh. En der is amper oanwaaks. Wy hawwe ferlet fan nije leden en jildlike stipe om goed fierder te kinnen. Wy dogge hjirby in berop op al ús leden om der by Fryksinnige freonen en goekunde op oan te stean om ús te stypjen of om lid te wurden foar €10 jiers. It Frysk sit op it stuit yn in faze fan 'bestean of net bestean'. De bedrigings binne libbensgrut. De kommende tiid is it in saak fan derop of derûnder en dan is folweardich Frysktalich ûnderwiis yn *alle* skoaltypen fan krúsjaal belang foar de oerdracht fan it Frysk oan kommende generaasjes. Dat jimme stipe en mankrêft kinne wy ek yn de takomst skoan brûke. De needsaak ta ferjonging en ferfanging wurdt hieltiten grutter. In nije generaasje sil de striid sa stadichoan fan ús oernimme moatte: stean dus op út soarch en lijen ...

A. Bestjoer

It bestjoer bestie oan it begjin en oan de ein fan 2013 út: Tom Dykstra (foarsitter), Sytze T. Hiemstra (skriuwer en fise-foarsitter), Ed Knotter (ponghâlder en twadde notulist gearkomsteferslaggen) en in jonge frisist Geart Tigchelaar (earste notulist). Thys van der Veen is yn it begjin fan it ferslachjier ferfeern nei Frankryk en moast dêrom ús bestjoer ferlitte, Tigchelaar hat him as ús fertsjintwurdiger yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* opfolge, mei Knotter as syn ferfanger. Germ Gerbrandy hat it fanwegen syn beneaming ta boargemaster yn Achtkarspelen (yn 2013) te drok krige om noch langer in sit yn ús bestjoer te hawwen. Wy soene der dus minlike graach twa nije, warbere bestjoersleden by hawwe wolle dy't der nocht oan hawwe om de saak fan it Frysk yn it ûnderwiis foarút de helpen. Wa't nammen wit fan lju dy't wat kinne en wolle op dat mêd, dan net wachtsje om ús dat te kundskipjen. Trije fan de fjouwer noch sittende bestjoersleden binne al in jiermannich mei pensjoen en wy moatte dus útwreiding en fersterking hawwe.

Yn 2013 kaam it bestjoer 8 kear gear by Klaske Straatsma te Ljouwert, dy't ús altiten tige let en set. Gearkomstedata: 28 jan., 25 febr. (lêste kear fan Thys), 25 maart, 22 april (ek jieregearkomste by Klaske thús), 3 july, 3 sept., 10 okt., 14 nov. Yn it bestjoer hat Geart it notulearjen oernommen fan Thys. Op 8 april binne de jierstikken ferstjoerd (Hiemstra, Knotter).

Njonkenaktiviteiten foar it Frysk en it Frysktalich ûnderwiis

Foar it wurk yn de FFU is it fan wêzentlik belang dat wy 'netwurkje' en meidogge oan en yn (gâns) oare Fryksinnige organisaasjes en fermiddens. Oars binne wy net (goed) ynformearre en hawwe wy ek gjin ynfloed yn sokke organisaasjes of op oaren. It binne organisaasjes dy't der ornaris ek belang by hawwe dat de Friezen goed Frysk leare te praten en te skriuwen en dus ús natuerlike freonen binne. Troch mear bestjoersleden of aktive stipers reitsje wy better op de hichte, kinne wy de taken better ferdiele en kinne sadwaande mear en earder fan ús hearre litte.

Yn it jierferslach fan 2012 (sj. ús *webstek by 'Ferslaggen') hawwe wy frij wiidweidich de foar ús doel relevante eftergrûn fan de bestjoersleden sketst. Wy kinne wat de fjouwer no noch sittende bestjoersleden oanbelanget, sadwaande no wat koarter om hoeke en eventuele feroarings oanjaan.

De saneamde 'Oanfalsgroep' dêr't Dykstra en Hiemstra diel fan útmakken, bestiet winliken net mear. Reinier Salverda hat ôfskie nommen fan de *Fryske Akademy* en Jaap van der Bij is net langer foarsitter fan de *Ried fan de Fryske Beweging*. De foarnaamste taak fan de groep, it skriuwen fan in oanfalsplan foar it Frysk en it organisearjen fan in symposium dêroer (2008), leit al wer wat jierren efter ús (sjoch ús webstek, bgl. 'Brieven 2009'). Yn in oare gearstalling soe de groep lykwols altiten wer ta libben komme kinne.

Der wurdt troch de fjouwer bestjoersleden besocht om geregeld artikels of oare stikken publisearre te krijen, bgl. yn de *Swingel* en *Lyts Frisia* of om de kolommen fan de beide provinsjale deiblêden te heljen (sjoch fierderop). De beide wurkgroepen (*Fryske Akademy*) dy't har dwaande hâlden mei Fryske testen en toetsen en logopedysk materiaal binne yn it ferslachjier net byinoar roppen en lije al langer oan bloedearmoede. Der giet amper mear wat fan út. In spitige ûntjouwing.

Hiemstra hat as lid fan de *Fryske Rie* mei de foarsitter fan dy organisaasje (dr. mr. Roel Kaastra) in redaksjestatút skreaun foar it blêd fan de Ried, de *Swingel*, omdat de *Fryske Rie* grutte soargen hie oer it (net formeel fêstleine) redaksjebelied (fan ien einredakteur), dat net redaksjoneel ûnôfhinklik fan it Deistich Bestjoer funksjonearre en dat geregeld ta tûkelteammen late. Under oaren yn de *redaksjerie* fan it blêd, dêr't Knotter (foar de *seksje Frysk* fan de *VLLT*) en Hiemstra (foar de *Fryske Rie*) diel fan útmakken. Dat statút is mei in pear net al te wêzentlike wizigings yn 2013 lang om let oannommen troch it Algemien Bestjoer fan de Ried. De FFU hat der as oansletten organisaasje by de *Ried fan de Fryske Beweging* alle belang by dat de artikels dy't se foar dat blêd leverje en foar it ûnderwiis yn it Frysk fan belang achtsje, ek nei't sin fan de FFU opnommen wurde. It wachtsjen is op in nije redaksje, dy't gearstald wurdt en wurket neffens de geast en de ynhâld fan it statút.

Dykstra, Hiemstra en Knotter wurken earder yn it ûnderwiis en binne al in jiermannich mei pensjoen. Tigchelaar is in ôfstudearre frisist en wurke yn de earste helte fan 2013 noch as dosint Frysk oan de Pabû fan de Stenden Hegeskoalle te Ljouwert. Yn it ferslachjier wied er ek aktyf op de Fryske Akademy as projektmeiwurker foarde *Standertwurldlist* en fierders op freelance-basis foar oersettings en korreksjewurk en jout er kursussen by de Afûk. Hy fertsjintwurdiget de FFU yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), mei Ed Knotter as syn ferfanger. Alle fjouwer publisearren en publisearje geregeld oer Fryske ûnderwiissaken.

B. Jiergearkomste

Op moandei 22 april 2013 hat de FFU syn jiergearkomste by Klaske Straatsma thús belein. It ferslach is (ek) oan te klikken op ús webstek by 'ferslaggen bestjoersgearkomsten' (2013).

Ferslach fan 'e jiergearkomste 2012

It wiidweidige ferslach fan de jiergearkomste fan 23 maaie 2012 wurdt tige wurdearre en sûnder ynhâldlike opmerkings goedkard, mei tank oan de skriuwer. It jout neffens de oanwêzigen in goed ynsjoch fan wat de FFU dien hat en noch by de ein hat. Hindrik fan de Meer fertelt oanslutend wat oer 'Taalverdediging'. Geart Tigchelaar ynformearret ús oer it ûntwikkeljen fan in trijetalige stream op Stenden Hegeskoalle. Dat ferrint spitigernôch net goed. Cor Jousma fan de *Topografyske Wurkgroep Fryslân* komt as ús gast op de tekst oer de plaknammekwestje yn Wymbritseradiel. Offisjele Frysktalige toponimen binne fan grut belang foar de taaloerdracht oan kommende generaasjes mei help fan kaarten, atlasen en oare learmiddels, likegoed foar it ûnderwiis as it brûken yn it offisjele ferkear (bestjoer en rjocht). Der is troch de *Jongfryske Mienskip* in rjochtsaak oanspand om dat foarinoar te krijen. Jousma syn ynlieding wurdt tige op priis steld. It docht bliken dat it nedich is om de rjochter yn te skeakeljen om sa te besykjen jins rjocht te krijen. Hiemstra leit in ferbining mei it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis. Soe de rjochter der ek nochris oan te pas komme moatte, om te befjochtsjen dat in 'oanmerklik part' fan it ûnderwiis yn it Frysk jûn wurdt, lykas it *Europeesk Hânfêst* freget? Tom

Dykstra hie oan it wurdt sillen oer de needsaak fan yntegrale taalmetoaden (lesmateriaal) foar it trijetalich ûnderwiis, mar dat wurdt om reden fan tiid ferskood nei in oare kear.

Finânsjes

De boekhâlding is goedkard troch Wopke-Speerstra en Hennie Knotter-Venendaal en ús skathâlder Ed Knotter wurdt mei tank ûntlêstge. Ed syn ynset wurdt tige wurdearre. It op 'e tiid ynbarren fan ús ledejild bliuwt in probleem. Minsken ferjitte gauris har bydrage oer te meitsjen en dat jout gâns drokte. De nije kaskommisje sil bestean út: Koop Scholten en Hennie Knotter-Veenendaal.

Oare saken

Oan de ein fan de gearkomste wurdt de twadde FFU-eare-oarkonde útrikt oan Klaske Westerhof (sjoch ek boppe). Se hat dy mear as fertsjinje en is der wiis mei.

C. Kontakten

*Oan te klikken op ús webstek

I. Persoanen – Organisaasjes – Stúdzjedagen – Konferinsjes – Sympoasia, ensfh.

- 14-01-2013/04-03-2013/21-03-2013 (Hiemstra): 3 gearkomsten seksje Frysk fan *Levende Talen* (VLLT), NHL, Ljouwert;
- 22-01-2013/19-09-2013 (Hiemstra): gearkomsten *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), Tresoar, Ljouwert/IJsselacademie (SONT), Kampen;
- 25-01-2013 (Dykstra, Hiemstra): *Jubileumsympoasium* Fryske Akademy (75-jierrich bestean) & Mercator Kennissintrum foar Meartaligens en Taallearen (25-jerrich bestean) oer *bedrige talen, minderheidstalen en meartaligens yn Europeesk perspektyf*, It Aljemint (FA), Ljouwert;
- 04-02-2013/06-04-2013/13-05-2013/05-09-2013/17-09-2013/06-11-2013/26-11-2013/10-12-2013 (Hiemstra): 8 haadbestjoersgearkomsten (HB) *Levende Talen* (VLLT), Utert (Lunetten);
- 14-02-2013 (Hiemstra, Tigchelaar): Konferinsje oer *it brûken fan toetsen en toetsdata, benammen foar it fak Frysk*, Provinsjehûs, Ljouwert;
- 01-03-2013 (Dykstra, Hiemstra, Tigchelaar): Sympoasium '*Taalrijk Europa – beleid en praktijk in Fryslân, Nederland en Europa*', Fryske Akademy, Ljouwert;
- 08-03-2013 (Hiemstra): oerlis mei Froukje de Vries, learkrêft Frysk fan Skoalle Lyndensteyn, oer it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis, Drachten;
- 21-03-2013 (Dykstra, Hiemstra, Knotter, Tigchelaar): Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO), presintaasje fan '*De oerdracht fan it Frysk yn Frysktalige en twatalige húshâldings*', NHL, Ljouwert;
- 22-03-2013 (Hiemstra): oerlis mei Froukje de Vries oer it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis en it skriuwen fan in mienskiplik artikel dêroer, Nijbeets;
- 24/26-05-2013 (Hiemstra, Knotter), '*Friesendroapen-treffen*' fan de Ynterfryske Rie op Hilgelân (Helgoland), mei û.o. wurkwinkels oer ynter-Fryske tongslagen ('sprâke') en in ynter-Fryske skiedniskanon (*Frisia Historica*; mei Sybren Posthumus, Hindrik Jonker, Thede Boysen, Kerst Huisman, Trynstje van der Veer en Hein Jaap Hilarides) oer in mienskiplike skiednispublikaasje, ynter-Frysk lesmateriaal en de ymplementaasje dêrfan yn de skoallen), deät Lun/Hilgelân;
- 31-05-2013 (Dykstra, Knotter): Sympoasium fan de *Ried fan de Fryske Beweging* oer '*Frysk en Fryslân, skiednis of takomst*', It Aljemint (FA), Ljouwert;
- 28-06-2013 (Dykstra, Knotter, Tigchelaar): gearkomste oer de Fryske stavering (benammen oer it gear te stellen '*Griene Boekje*'), Fryske Akademy, Ljouwert
- 04-07-2013/ 30-07-2013/ 03-09-2013 (Hiemstra): wurkoerlis mei Froukje de Vries oer it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis, op Skoalle Lyndensteyn, it brûken fan de *iPad* dêrby, en it skriuwen fan in mienskiplik artikel dêroer, Nijbeets;
- 06-09-2013 (Dykstra, Hiemstra): Akademy-dei 2013 (1938-2013), oer it '*Akademysk klimaat yn Fryslân*', De Harmonie, Ljouwert;
- 01-10-2013 (Hiemstra, Knotter), Lanlike Stúdzjedei/Landelijke Studiedag (LSD), '*Taal voor ons allemaal*', *Levende Talen* (VLLT), Jaarbeurs Utrecht (Beatrixgebouw), Utert;
- 07-10-2013 (Dykstra, Hiemstra, Knotter, Tigchelaar): wurkbesite oan in skoalle foar *spesjaal ûnderwiis* (benammen foar learlingen mei lichamlike beheining); bywenjen fan Fryske lessen yn inkelde ôfdielings en op ferskillende nivos's (mei help fan de *iPad*) fersoarge troch Froukje de Vries, *Skoalle Lyndensteyn*, Beetstersweach;
- 10-10-2013 (Hiemstra): promoasje Jelske Dykstra (Jaïke Elisabeth Dijkstra) oer '*Growing up with Frisian and Dutch – The role of language input in the early development of Frisian and Dutch among preschool children in Friesland*', Martinitjerke, Frjentsjer;

- 11-10-2013 (Dykstra, Hiemstra): oerlis mei twa provinsjale amtners (Tsjerk Bottema en Sytske de Jong) oer de needsaak fan it ûntwikkeljen fan **yntegrale trijetalige learmiddels** foar de skoallen (*‘De needsaak fan yntegraal meartalige metoaden foar it Fryske ûnderwiis’) en it *Frysk yn it spesjale ûnderwiis* (*‘iPads foar de Fryske les op in skoalle foar spesjaal [fuortset] ûnderwiis’); bepraten fan beide artikels en ús winsken fandatoangeande (*sjoch ek op ús webstek: brieven 2013), Provinsjehûs, Ljouwert;
- 25-10-2013 (Dykstra, Knotter): Afûk-konferinsje ‘Wat moatte wy mei ‘dat’ Frysk yn 2020?’, mei as tema de takomst fan de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis, WTC, Ljouwert;
- 07-11-2013 (Dykstra, Hiemstra, Knotter, Tigchelaar): Jubileumedsje ‘Fierder mei Frysk (10)’ (stúdzjedei), fan de seksje Frysk fan *Levende Talen* (VLLT), mei in wurkwinkel fan Froukje de Vries oer ‘Mei de iPad op freemwurk.nl’ en de fersprieding fan it artikel *‘iPads foar de Fryske les op in skoalle foar spesjaal (fuortset) ûnderwiis’ (S.T. Hiemstra & Fr. de Vries; 10 siden); boppedat it útrikken fan de FFU-eare-oarkonde oan Liskje Flapper, NHL, Ljouwert;
- 25-11-2013 (Tigchelaar): staveringsoerlis dêr’t de plannen fan de Fryske Akademy yn bepraat waarden. Provinsjehûs, Ljouwert (yn 2014 soene noch mear gearkomsten folgje);
- 29-11-2013 (Dykstra, Hiemstra): Sympoasium ‘*Fryslân en de wrâld*’, by gelegenheid fan it ôfskie fan prof. dr. Reinier Salverda, It Aljemint (FA), Ljouwert.

D. Brieven en oare stikken

Meast relevante brieven en oare stikken fan (útgien: 📧) en foar (ynkommen: 📧) de FFU.
Mei *(stjerke): oan te klikken op ús webstek.

Utgien:

*05-01-2013 📧FFU-brief oan PS en DS oer oanpassing kultuernoata ‘Grinzen oer’

Ynhâldlike reaksje fan de FFU op it earste konsept fan de yntegrale beliedsnoata kultuer, taal en ûnderwiis 2013-2016 ‘Grinzen oer’ fan de provinsje Fryslân. Yn dat FFU-brief jouwe wy ús opmerkings en winsken foar ferbettering oan. Wy ferwize dêryn geregeld nei ús ‘Oanfalsplan Frysk’ út 2008.

*01-03-2013 📧FFU: bydrage Tom Dykstra oan it sympoasium ‘Taalrijk Europa’

Op eigen inisjatyf skreaune en oan de organisators opstjoerde bydrage fan FFU-foarsitter Tom Dykstra foar it sympoasium ‘*Taalrijk Europa – beleid en praktijk in Fryslân, Nederland en Europa*’, dat op 1 maart 2013 te Ljouwert op de Fryske Akademy holden is. De konklúzje fan Dykstra is dat it taal- en ûnderwiisbelied fan de ryksoerheid noch (lang) gjin sprekken lije kin en dat de effekten marzjinaal binne.

*22-04-2013 📧FFU: útrikking FFU-eare-oarkonde oan Klaske Straatsma-Westerhof te Ljouwert

De FFU bestie yn 2012 fiifentweintich jier en hat yn 2012 syn earste **FFU-eare-oarkonde** útrikt (sjoch ús webstek by 2012). Klaske Straatsma-Westerhof hat de twadde útrikt krige op de 22ste fan de gersmoanne yn 2013 op grûn fan har jierrenlange bysûndere fertsjinsten foar it Frysk yn it ûnderwiis, benammen yn har frije tiid. Boppedat is se al hiel lang foar de FFU in grutte stipe.

*08-09-2013 📧FFU: De needsaak fan yntegrale metoaden foar it Fryske ûnderwiis

Publikaasje fan de FFU oer de needsaak fan **yntegrale** metoaden (learmiddels) foar (benammen) it trijetalich ûnderwiis (*fak* en *fiertaal*) yn Fryslân. It stik wurdt brûkt by it lobby-wurk fan FFU. Bgl. yn de kontakten mei de provinsje (amtlik en polityk) en ynstellings dy’t har dwaande hâlde mei it gearstallen fan learmiddels foar it Frysk. Dy metoaden (learmiddels) moatte derta liede dat it Ingelsk, it Hollânsk/Nederlânsk en it Frysk (allegearre ferplichte skoalfakken yn Fryslân) inoar fersterkje troch systematysk de oerienkomsten en ferskillen *yntegraal* (opinoar behelle) op te nimmen yn (nije) lear- en helpmiddels foar dy talen. Dat is ek fan grut belang foar it tefoaren kommen en bestriden fan ynterferinsjes (hollânismen en anglisismen) yn it Frysk. It ‘gehiel’ moat mear wêze as de som fan de dielen.

*08-10-2013/28-01-2014 📧FFU: FFU-brieven oer it plak fan it Frysk as fak en as fiertaal op de Steve Jobsschool en it Koopmans College

Omdat de *Master Steve Jobsschool* te Snits (basisûnderwiis) en it *Koopmans College* yn Hurdegaryp (fuortset ûnderwiis) op harren webstek alhiel gjin ynformaasje jouwe oer it plak fan it Frysk as fak en as ynstruksjetaal op harren skoalle, hat de FFU it bestjoer en de direksje fan beide ûnderwiisinstellings oanskreaun. Ein desimber 2013, mear as twa moanne letter, is fan beide skoallen noch gjin reaksje ynkommen. Dat jout te tinken. Yn jannewaris 2014 hawwe wy werhellingsbrieven stjoerd.

***07-11-2013 🇳🇱FFU: útrikking eare-oarkonde oan Liskje Flapper yn Ljouwert**

Yn 2012 bestie de FFU 25 jier en hat doe syn earste eare-oarkonde útrikt oan Hans de Haan fan Holwert (sjoch by 1212). Yn de maitiid fan 2013 folge Klaske Straatsma-Westerhof (22 april 2013) fan Ljouwert. En op 7 novimber 2013 waard Liskje Flapper fan Burchwert troch de FFU yn it sintsje setten fanwegen har bysûndere fertsjinsten foar it Frysk yn it ûnderwiis.

Ynkommen:

***28-01-2013 🇳🇱DS-brief oan FFU oer de provinsjale noata ‘Grinzen oer’**

Hoewol't de FFU syn winsken en krityk oangeande it ûntwerp fan de nije yntegrale noata ‘Grinzen oer’ al op 5 july 2012 yn in provinsjale ynformaasje gearkomste oer de haadlinen op amtlik nivo (ek skriftlik) op it aljemint brocht hat, liket dêr neat fan trochkrongen te wêzen by Deputearre Steaten. Wat de ynfloed fan ús brief en ús *Oanfalsplan* (2008) west hat op de úteinlik (op 23 jannewaris 2013) fêststelde noata, is likemin dúdlik. Net folle liket ús ta.

***16/22-04-2013 🇳🇱Ryk en Provinsje: Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013-2018**

Yn april 2013 is de nije ‘Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013-2018’ ûndertekene troch de Steat fan de Nederlannen en de provinsje Fryslân.

***11-04-2013 🇳🇱NPLD: European Roadmap for Linguistic Diversity**

Op 11 april 2013 lansearre it *Network to Promote Linguistic Diversity (NPLD)* de *European Roadmap for Linguistic Diversity*, in inisjatyf rjochte op it leverjen fan nije ideeën om alle talen fan Europa te befoarderjen (bgl. offisjele, wetlike erkende, regionale en allochtoane talen). It is in inisjatyf fan it Ierske foarsitterskip fan de Europeeske Uny en koe rekkenje op de stipe fan it Ierske regear, de Europeeske Kommisje en it Europeeske Parlemint.

***26-06-2013 🇳🇱Europeesk Parlemint: resolúsje Alfonsi oer bedrige Europeeske talen en oer taalferskaat**

Ferslach fan de *Kommisje kultuer en ûnderwiis* fan it Europeesk Parlemint (rapporteur François Alfonsi) mei dêryn in wichtige resolúsje oer Europeeske talen yn de Europeeske Uny dy't mei útstjerren bedrige wurde, en oer taalkundich ferskaat. De resolúsje (ek wol *moasje Alfonsi* neamd) is yn de Kommisje en it Europeesk Parlemint oannommen.

***07-11-2013 🇳🇱Artikel fan Sytze T. Hiemstra & Froukje de Vries oer de Fryske les yn it spesjaal ûnderwiis**

Foar de stúdzjemidde fan de seksje Frysk (VLLT) *Fierder mei Frysk (10)* op tongersdei 7 nov. 2013 op de NHL te Ljouwert hat Sytze T. Hiemstra mei help fan Froukje de Vries in bydrage skreaun oer it plak fan it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis en it brûken fan de *iPad* troch Froukje foar it fak Frysk en foar Fryske kultuer en skiednis op *Skoalle Lyndensteyn* te Beetstersweach. Froukje de Vries hat pionierswurk levere! Der moat noch hiel wat ferbetterje oan it plak fan it Frysk yn it spesjaal (fuortset) ûnderwiis. Dat moat de lanlike oerheid better en ôfdwaande regelje yn wetjouwing en soks moat in Fryskkundige ynspeksje goed kontrolearje. Froukje lit yn har wurk foar de klasse sjen dat de *iPad* in grutte ferriking wêze kin foar it Frysk yn dat ûnderwiis en dat der ek noch winsken binne foar ferbettering.

***20-11-2013 🇳🇱VLLT: Fan taalefterstânsbestriding nei taalferskaatbelied (advizen)**

Advizen fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen (VLLT)* foar *meartaligensbelied* yn it Nederlânske basis- en fuortset ûnderwiis: ‘*Van taalachterstandsbestrijding naar taaldiversiteitsbeleid*’. De *seksje Frysk* is ien fan oansletten organisaasjes fan de VLLT (FFU-skriuwer Sytze T. Hiemstra is [ek] *seksjebestjoerder* en HB-lid VLLT). It stik is opsteld troch Judith Richters (foarsitter), Toon van der Ven (âld-foarsitter) en Guus Extra, emearitus heechlearaar Universiteit fan Tilboarch (Tilburg). De advizen soene benammen goede mooglikheden biede foar âlden en bern dy't *bûten* Fryslân wenje, om dêr ûnderwiis yn de thústaal (bgl. it Frysk) te krijen. Mar ek *binne* Fryslân soe neffens ús in skoalle gjin *frijstelling* (mear) krije meie as Frysktalige âlden, ek al binne it mar in pear, ûnderwiis yn it Frysk foar har bern freegje. De VLLT-advizen binne ferstjoerd oan steatssekretaris Sander Dekker fan UKW.

***2013 🇳🇱Twadde Keamer: Wizing ûnderwiiswetten Fryske taal**

Wetsútstel fan de Twadde Keamer 33618, nû. 2, gearkomstjier 2012-2013: ‘*Wijziging van onder meer de Wet op het primair onderwijs, de Wet op het voortgezet onderwijs en de Wet op de expertisecentra in verband met het onderwijs in de Friese taal.*’ It *Konsultatyf Orgaan Frysk (COF)* pleitet yn in reaksje op it wetsútstel om it begryp ‘draagvlak [in het onderwijsveld]’, dat net spesifisearre en mjitber is, te ferfangen troch it begryp ‘uitvoerbaarheid’, omdat *draachflak* [yn it ûnderwiisfjild] as betingst foar troch de provinsje Fryslân te ûntwikkeljen ûnderwiisdoelen net fûndearre wurde kin troch it *Hânfêst* en it *Ramferdrach*; en foar it begryp ‘uitvoerbaarheid’ in toetsingsramt te ûntwikkeljen. It begryp ‘draachflak’ moast fan ‘De Haach’ grif yn de wet komme as in stôk om de hûn mei te slaan en sadwaande ‘echt’ goed en foldwaande ûnderwiis yn it Frysk feitlik ûnmooglik te meitsjen. It Ryk besiket de Friezen sadwaande wer op in fyn ynleine wize yn har rjochten te beheinen en te bekrinken.

E. Publisiteit

*Oan te klikken op ús webstek: www.ffu-frl.eu. In stikmannich artikels fan FFU-bestjoersleden oer FFU-aktiviteiten, dy't publisearre binne of omtinken krige hawwe yn guon media. It is foar ús net altiten goed nei te gean oft en hoe't der publisiteit jûn is oan ús krewearjen yn de ûnderskate media (bgl. *Omrop Fryslân*, it ynternet of de wyk- en streekblêden). It oersjoch is dus beheind. Guon bestjoersleden reagearre út en troch ek op en yn (it digitale) *It Nijs fan de Ried fan de Fryske Beweging*.

Swingel (blêd fan de Ried fan de Fryske Beweging)

Artikels út *Swingel* binne (ek) oan te klikken op: www.fryskebeweging.nl/Mear_oer_de_Fryske_Beweging/Swingel.

- nû. 37, april 2013 (s.12-14): in artikel fan Tom Dykstra mei as titel '*Hein en syn hin*'. It hannelet oer in trijetalich boekje yn it Frysk. Grinslânsk en Hollânsk fan Rients Gratama: *Hein en syn hin/Hein en zien hinne/Hein en zijn kip*. Foar it trijetalich ûnderwiis yn Fryslân soe ek *yntegraal* trijetalich lesmateriaal gearstald wurde moatte as fiertaal by fakken lykas skiednis, biology, ierdrykskunde en wiskunde. In provinsjale wurkgroep soe dêroer teset moatte.

- nû. 38, july 2013 (s. 14-15): in artikel fan Tom Dykstra oer '*De Feriening Frysk Underwiis 25 jier*' oer it feit dat de *FFU* 25 jier bestie en der in FFU-eare-oarkonde (de earste!) útrikt waard oan Hans de Haan, direkteur fan de iepenbiere basisskoalle *De Tsjelke* yn Holwert.

Lyts Frisia (blêd fan de Jongfryske Mienskip)

Ek te finen op ús webstek by 'Publikaasjes'. Hiemstra hat in eigen rubryk yn *Lyts Frisia*, 'Us eigen taal', en komt dêryn geregeld op de tekst oer it Frysk en it ûnderwiis. Ed Knotter, Tom Dykstra en Geart Tigchelaar stjoere sa út en troch ek in bydrage yn.

- *jrg. LXII, nû. 1, maart 2013: Hiemstra, *Us eigen taal [12]* (s.4-5), 'Slokke om it 'slikken'', oer rare hollânismen yn de *Ljouwerter Krante* en de tekoartsjittende korreksje fan it Frysk yn dat blêd. Knotter jout in taal(flater)analyse fan '*Koffje ferkeard*' (s. 10-12), in ferhalebondel fan Margryt Poortstra. Dat boek hat ek in strieminne (Afûk-)korreksje hân. As dy der teminsten west hat. Ferkeard 'Frysk' yn de skreaune media en yn boeken is skealik foar in goede taaloerdracht oan jong en âld.

- *nû. 2, juny 2013: Geart Tigchelaar skreau in artikel oer '*Kom mar op mei dy standert!*' (s. 23-26) oer de needsaak om it Frysk fierder te standerdisearjen, benammen foar it ûnderwiis yn it Frysk. It jout goed it FFU-stânpunt wer. Hiemstra publisearret yn *Us eigen taal [3]* (s. 28-36) it brief dat de FFU op 5 jannewaris 2013 oan de Steaten fan Fryslân skreaun hat oer de yntegrable beliedsnoata kultuer, taal en ûnderwiis 2013-2016 'Grinzen oer'. Us brief jout wegen oan om te kommen ta it ferbetterjen fan it plak fan de Fryske taal en skiednis yn it (**hiele**) ûnderwiis en de kontrôle dêrop. Dêr moat benammen in bettere en folsleiner wet- en regeljouwing foar komme. Hiemstra jout yn datselde nûmer ûnder de titel '*In eare-oarkonde foar Klaske Straatsma-Westerhof*' (s. 39-40) omtinken oan de fertsjinsten fan Klaske Straatsma foar it Frysktalich ûnderwiis en de FFU.

- *nû. 3, sept. 2013: Geart Tigchelaar jout yn '*Beswieren tsjin de beswieren*' (s. 44-49) syn reaksje op de beswieren fan guon frisisten en oaren tsjin takomstige staveringsferoarings en in fierder geande standerdisearring fan it Frysk. In goede standert kin as ûnderwiiskundich ynstrumint ynsetten wurde om sterker te stean tsjin hollânismen en anglisismen oer. Us bestjoerslid jout dêrmei tagelyk ek it FFU-stânpunt wer. Knotter skriuwt oer it ophâlden fan de rubryk *Taalbaas* yn de *Ljouwerter Krante*, '*Taalbaas allinnich noch op it ynternet*' (s. 58-60) en jout guon nijsgjirrige ynkommen opmerkings fan lêzers wer. Spitich dat dy learsume rubryk út de krante ferdwûn is. Beide bydragen fan Tigchelaar binne ek nei te lêzen yn ús (webstek)rubryk 'Sjerp & Jittik 2013' (nû. 21 en 22).

Leeuwarder Courant

- *11-01-2013 (webstek: Poadium): Kollum fan Pieter de Groot yn de LC (Dwers, 11-01-2013) ûnder de kop '*Net werom*'. De Groot ferwiist nei in brief fan de *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) dat de provinsje 'poepfreonlik it leksum [lêst] oer it jan poepsplak dat it Frysk yn de nota kultuer, taal en ûnderwiis hat'.

- *05-06-2013 (webstek: Poadium): In 'Te Gast' fan *FFU*-bestjoerslid Geart Tigchelaar ûnder de kop '*Kom mar op mei dy standert*' (s. 19) mei in pleit foar in Fryske *Standertwurldlist* en *ien foarm* dy't yn it ûnderwiis oanleard wurdt en as middel om de fûleinige ynterferinsjes út it Hollânsk tsjin te gean. Tigchelaar achtet it in didaktysk sterk ynstrumint (sjoch foar in wiidweidiger stik fan sines by 'Sjerp & Jittik 2013').

Friesch Dagblad

- *08-01-2013 (webstek: Aktueel): krantestikje yn it *Frysk Deiblêd* ûnder de kop '*Vereniging wil Fries als eerste taal op school*': De *Feriening Frysk Underwiis* wol it Frysk ûnder mear as earste taal op de skoallen yn Fryslân. Dat skriuwt de

FFU oan de provinsje as reaksje op de provinsjale beliedsnoata ‘Grinzen oer’. Dêr is in bettere en folsleinere wetjouwing foar nedich (sjoch ek op it FFU-webstek by ‘Brieven 2013’ om it oanbelangjende brief oan te klikken).

F. Webstek FFU en digitale sosjale media

Wy binne mei ús eigen stee op it wrâldwide web úteinset op 1 jannewaris 2005 en kinne dêr sa njonkelytsen alderlei saken op kwyt dy’t wy fan belang achtsje foar (de oerdracht fan) de Fryske taal, kultuer en skiednis yn en ek bûten it ûnderwiis. Untjouwings yn oare maatskiplike domeinen as it ûnderwiis binne (ommers) fan grut belang foar it plak en de betsjutting fan it Frysk binnen it ûnderwiis, omdat de skoalle de tekoarten yn de maatskippij net samar ferhelpe (kompensearje) kin.

It tal ‘pageviews’ wie 1692 oan de ein fan 2005 en 3134 oan de ein fan 2006. Ein 2007 wie dat: 4378; ein 2008: 5437; ein 2009: 6335; ein 2010: 7070; ein 2011: 8212; ein 2012: 9187. Op de lêste dei fan 2013 wie de stân: 10.034 (Ned.: 96%; FS/USA: 1,3%; Dsl.: 1.1%, ferskate oare lannen ûnder de 1%). Sytze T. Hiemstra (sr.) riedt sûnt 2005 foar de ynhâld en Sytze J. Hiemstra (jr.) soarget derfoar dat dy op ús webstee komt. Hiemstra jr. kriget it minimumlean foar syn oeren. It is feitlik mear in lytse fergoeding foar in stikje willewurk. De ynhâld fan ús stek wurdt fansels ek op oare wize oanklikt, bgl. fia Google, en dan hawwe wy folle mear besikers. Mar dêr hawwe wy gjin sicht op. Underwilens is der in aardich argyf fan ús op it net te finen. Jo kinne ús net allinnich fine fia www.fryskebeweging.nl, mar sûnt 2010 ek troch it oanklikken fan www.ffu-frl.eu. It FFU-webstek wurdt geregeld besjoen en rieplachte. It is in effektyf middel om ferwize te kinnen nei alle foar it wurk fan de FFU rillevante ynformaasje. Alle jierferslaggen en ferslaggen fan ús gearkomsten binne fan 2003 ôf oan te klikken op ús webstek by *Ferslaggen bestjoersgearkomsten*.

De FFU is sûnt 2012 ek aktyf yn en op de digitale sosjale media, sawol op *Twitter* as op *Facebook*. Lâns dy wei sille wy jimme likegoed op de hichte hâlde fan ús wjerfarren. It is somtiden in gaadlik medium om op aktuele saken te reagearjen en de diskusje libben te hâlden. Wy hawwe op it stuit sa’n 140 saneamde ‘freonen’ op Facebook.

G. Wat wol de FFU ek al wer?

Wy wolle hjirre nochris koart gearfetsje wat de *Feriening Frysk Underwiis* needsaaklik achtet om it Frysk (yn it ûnderwiis) te hoedzjen en te noedzjen (op ús FFU-webstek sjogge jimme wiidweidiger wat wy krekt wolle en wat wy dêrfoar dogge of dien hawwe):

- 1. It Frysk moat de *earste* taal wurde yn Fryslân yn it hiele ûnderwiisdomein.
- 2. It Frysk moat in *ferplichte* (eksamen)fak wurde foar alle learlingen yn Fryslân en in *ferplichte* ynstruksjetaal (by guon oare fakken) yn it algemien foarmjend ûnderwiis (foarskoalsk ûnderrjocht, basis- en fuortset ûnderwiis, spesjaal [fuortset] ûnderwiis) en it **beropsûnderwiis** (mbû en hbû). De foarderings fan de learlingen yn de Fryske taal en de Fryske skiednis moat folge wurde mei in noarmearre, falide en betrouber learlingfolch- en toets(ings)systeem.
- 3. De *kearndoelen* en *eksameneasken* foar de Fryske taal, kultuer en skiednis moatte lykweardich wêze oan de kearndoelen en eksameneasken foar it Hollânsk (Nederlânsk) en de Hollânske (Nederlânske) skiednis. It foech dêroer moat by de provinsje Fryslân lizze.
- 4. Op it nivo fan de skoalle as *organisaasje* moat it Frysk yntern en ekstern mûnling en skriftlik folweardich (oan it Hollânsk) funksjonearje (bgl. yn de administraasje en korrespondinsje, op buordsjes en paadwizers, opskriften, brievepapier ensfh.). Dy ‘sichtberenseask’ moat ien fan de bekostigings- en subsydzjebetingsten wêze.
- 5. De Fryske *learare-opliedings* foar it basis- en fuortset ûnderwiis moatte twa- of trijetalich funksjonearje, mei in plak foar it Frysk as fak en as ynstruksjetaal dat net minder is as dat fan it Hollânsk (Nederlânsk) en it Ingelsk. De dosinten/oplieders dy’t it Frysk as *ynstruksjetaal* brûke by oare fakken as it fak Frysk, moatte it Frysk sels ek op in goed nivo behearskje (Afûk-diploma C of ferlykber nivo as ûndergrins).
- 6. De *learmiddels* foar it twa- of trijetalige basis- en fuortset ûnderwiis (ynklusyf it spesjaal ûnderwiis) moatte it Frysk **yntegraal** in op syn minst *lykweardich plak* jaan oan dat fan it Hollânsk en it Ingelsk (oanpart 35% of mear). De trije talen yn dy *yntegrale learmiddels* moatte ûnderling *systematysk ferlike* wurde op ferskillen en oerienkomsten.
- 7. Alle *ûnderwiisynspekteurs* en *ûnderwiisbegelieders* dy’t (ek) yn Fryslân har wurk dogge, moatte it Frysk aktyf mûnling en skriftlik op in foldwaande nivo behearskje en in goede kennis hawwe fan de Fryske kultuer en skiednis (Afûk-diploma C of ferlykber nivo as ûndergrins; ferl. ek ús **Oanfalsplan*, noat 66, s. 67-68).
- 8. Nije *ynkommelingen/migranten* yn Fryslân moatte it Frysk op syn minst ferstean en lêzen leare en dat oantoane kinne (bgl. troch it op in foldwaande nivo ôflizzen fan noarmearre, falide en betroubere toetsen). Dy taak soe troch de Afûk útfierd wurde kinne.

Stypje jo ús by ús stribjen? Wy kinne jo help net misse!

It bestjoer